Bijlage VWO

2014

tijdvak 1

Fries

Tekstboekje

VW-1017-a-14-1-b

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

Tekst 1

Fryslân: it bêste lân of it bêste merk fan d' ierde?

Us provinsje liket bedarre yn in aloan duorjende prakkesaasje oer syn identiteit: taal, lânskip, ferline en folksaard. Dy tophannelsmerken fan it Frysk-eigene spylje in hieltyd wichtiger rol yn it tinken fan bestjoerders, marketeers en managers. Tagelyk is, lykop rinnend mei in mondiale trend, 'it bêste lân fan d' ierde' feroare fan lân yn merk (yn it Ingelsk 'brand').

(1) "Kultuer en identiteit, dat bin ik sels. Frysk-wêze yn in wrâld dy't feroaret en Frysk-wêze yn kontakt mei de wrâld, dêr giet it om", sa omskreau Jannewietske de Vries de kearn fan de Fryske ambysje yn de race om de titel Kulturele Haadstêd fan Europa 2018. It entûsjasme fan de kultuerdeputearre, dat yn goede en minne tiden hieltyd oerein bleau, typearre de tariedingen op Kulturele Haadstêd 2018 (KH2018). It projekt rôp mediahypes en tsjinstellingen op en drige mear as ien kear te mislearjen.

(2) Yn in soms sterk oansette oertsjûgingskampanje liet kultuerdeputearre De Vries gjin momint foarbygean om de Kulturele Haadstêd foar te stellen as in "sprong yn de takomst" en as in kâns om "ússels op 'e nij út te finen". Pleitbesoargers krigen in poadium by de regionale parse of treden nochris op as ynsprekker by de krusjale steatekommisje fan 7 desimber 2011, dy't oer it trochgean fan KH2018 kedize moast. Toerismepromoator Albert Hendriks woe mei in eksplisyt oan "alle tsjinstanners" rjochte petysje sjen litte dat de Fryske toerisme- en rekreaasjewrâld ek "vierkant achter mevrouw De Vries' streven staat".

(3) Om dy tiid hinne ferskynde ynienen in nije garde fan kultuermakkers op it toaniel: de Koöperaasje 2018, dy't him presintearre mei in manifest fan optimisme en de belofte om him oan de ynhâldlike útwurking fan it 'Bidbook'[1)] te binen. It publike debat wie yndertiid 'alhiel oerémis' en ûntaarde yn ienrjochtingsmonologen oer en wer. Pleiten fan foarstanners krigen in benei apokalyptyske lading dy't suggerearre dat wy in krusjaal momentum yn de Fryske skiednis berikt hienen. Foar ús lei de wiswier histoaryske útdaging om de Fryske kultuer en identiteit op 'e nij út te finen. Wy moatte in mentaal feroaringsproses oangean dêr't de ynset neat minder is as in folsleine selsfernijing. It al of net slagjen fan dat proses – dat him los liket te sjongen fan in konkrete kandidaatstellingsproseduere foar Kulturele Haadstêd – soe it takomstich lot fan ús provinsje beskiede. Wysels en ús bern steane op it spul, koartsein.

(4) Krityske en skeptyske lûden oer dy histoaryske kâns waarden delset as it synisme fan beropsmjittige pessimisten of oantsjut yn de kontekst fan in ûndersteld generaasjekonflikt tusken entûsjaste jongerein en soere sechstigers.

Der ûntstie tamtam oer it stik fan Tresoar-direkteur Bert Looper yn *de Leeuwarder Courant*, dêr't er KH2018 in histoaryske legitimearring yn jaan woe. En efter de provinsjale takomstambysjes fermoede dichter en publisist Eeltsje Hettinga sels in

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

“nochal kwealik rûkende folksnasjonalistyske ideology”.

(5) Om de saak wat del te bêdzjen ferklearre kultuerdeputearre De Vries by de presintaasje fan Hettinga’s pamflet mei klam dat sy mei folksnasjonalisme neat te krijen hawwe woe: “Ik wol de ienentweintichste ieu yn sûnder yn âlde refleksen te ferfallen; ik haw neat mei sok tinken en ideologyen dy’t dêroan ferbûn binne.” Mar wat is der dan ál te rêden mei ús provinsje? Wat besielet ús bestjoerders en beliedsmakkers, harren eksterne projektútfierders en pleitbesoargers om sa’n oerdreaun gewicht ta te kennen oan de Kulturele Haadstêd?

(6) De ferklearring dêrfoar leit benammen yn de hege ferwachtingen fan de impact en de ekonomyske opbringsten dy’t him om de titel fan *European Capital of Culture* hinne foarme hawwe. Hoewol’t de langetermyneffekten foar elke stêd en regio hiele einen útinoar rinne, binne bestjoerders oeral yn Europa de Kulturele Haadstêd begûn te sjen as in kroade foar stedsfernijing, kulturele ynnovaasje, ekonomyske groei en oanhâldende imagoferbettering. Benammen troch it sukses fan Glasgow (1990) en Kopenhagen (1996) mienden sy hieltyd mear dat keunst, kultuer en identiteit belangrike ynstruminten wêze kinne by it yn de merk setten fan de eigen stêd of regio foar mooglike toeristen, bedriuwen en ynvestearders. Sadwaande is de titel fan Kulturele Haadstêd fan Europa fan in kulturele manifestaasje op himsels, aloan feroare yn in bestjoerskundige toverformule foar geografyske marketingdoeleinen.

(7) No is troch de oerheid stjoerde regiopromoasje yn Fryslân net nij. Al yn de jierren sechstich en santich besocht de saneamde *Industrialisatieraad der Friese Kernen* om de byldfoarming fan Fryslân te feroarjen, ûndernimmers te ynteressearjen en tsjinwicht te jaan oan de ivige konkurrint Grinslân. By de oprjochting fan dat propagandaburo yn 1959 ûnderskreau de *Leeuwarder Courant* de needsaak “dat der in oar byld fan Fryslân opboud wurdt. De stream fan ferhalen oer leechrinnende doarpen en doarpske moardsaken sille se net keare kinne (...), mar se kinne der al eat foaroer sette yn de sin fan de treflike slachsin ‘Yn en op Fryslân kinne jo bouwe’, sa as no barre sil.”

(8) De LC-redaksje koe doe noch net witte dat sels doarpske moardsaken yn de foarm fan de televyzjesearje *Moordvrouw* yn 2011 as Fryslânpromoasje ynset wurde soenen. Want wat yn Nederlân yn 1989 begûn mei de suksesfolle kampanje ‘Er gaat niets boven Groningen’, is wilens in booming business dêr’t gjin stêd, regio of lân mear foarwei kin. De lêste jierren hat geografyske marketing him ûntjûn fan it promoaten fan in stêd of regio ta it meitsjen en oanskerpjen fan in winsklike identiteit.

(9) De Fryske identiteit is dêrom net langer in eksklusive saak foar de Friezen sels, mar earder noch in middel om de oandacht op in konkurrearjende wrâldmerk te lûken. Wêr’t de Fryske beweging syn oanjagers fûn yn de rûnte fan boargerlike yntellektuelen, dêr hat de Fryske *nation branding* syn *Club Diplomatique* fan ûndernimmers dy’t in ambassadeursfunksje foar de regio spylje wol. It is dy werdefinysje fan de Fryske identiteit yn merktermen dy’t *nation branding* fan it klassike nasjonalisme ûnderskiedt.

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

(10) It Fryske proses fan *nation branding* waard min ofte mear yn gong set troch ‘Fryske Fiersichten’, it grutte debat oer de takomst fan Fryslân dêr’t it provinsjebestjoer yn de hjerst fan 2006 de foarstap ta die. Ien fan de ynsichten dy’t út it takomstdebat nei foaren kaam, wie dat Fryslân wol in sterke regionale identiteit hat, mar nochal iensidich ferbûn wurdt mei lânskip, rekreaasje en sport. Der moast wurke wurde oan in imago fan in eigentiidsk, oantreklik Fryslân dat ek op it mêd fan kultuer, kennis en ynnovaasje net efterbleaun is. Dy needsaak ta it fermerkjen fan Fryslân waard troch it provinsjehûs oernommen as strategysk takomstbelied. Der moast in Frysk ‘I AMsterdam’ ûntwikkele wurde, in helder merkkonsept (of leaver sein: Fryske siel, Frysk DNA) opboud út kearnwearden as de minsklike mjitte, betrouberens en trochsettingsfermogen. It konsept is yndertiid troch promoasjeburo Fryslân Marketing yn de praktyk brocht mei de kampanje ‘Fan Fryslân’.

(11) It grutte tal ferwizingen nei de ‘siel fan Fryslân’ en it ‘Fryske DNA’ typearje de taal fan *nation branding*. It binne trendy metafoaren fan wat earder ferstien waard ûnder it Fryskeigene. Yn in fraachpetear fan 1970 beneamde de boeredichter Douwe Kiestra de taal, it folksaard, it lânskip en de agraryske breawinning as de wichtichste eleminten fan it Fryskeigene, dat yn syn eagen it Fryske folk útmakke. Hy seach dat it Fryskeigene oanfretten waard troch de opkommende yndustry: “De yndustry hat no ienkear in nivellearjende útwurking op de minsken”, fersuchte er.

(12) As wy no wer sjogge nei de groep dy’t de plannen foar KH2018 útwurkje wol, dan falt op dat dy foar it grutste part bestiet út ‘weromkommers’. Sy hawwe har wer mei opsetsin yn Fryslân nei wenjen set nei in koarte of langere tiid om utens. Sa nimt Koöperaasjelid en arsjitekt Nynke-Rixt Jukema lokale en kultuerhistoaryske faktoaren as útgongspunt yn har wurk en set sy har regionalisme eksplisyt foar it globalisme fan in Rem Koolhaas[2)] oer. Yn de Koöperaasje wurdt ek neitocht oer it trochbrekken fan it Fryske taalminderweardichheidskompleks. Dêr sprekt in frisse, nije selsbewustens fan de perifery út dy’t himsels ta sintrum ferheffe wol.

(13) Op in oar stuit lei Nynke-Rixt Jukema foar de kamera fan Fryslân DOK út wêrom’t wy net oan de ‘global ratrace’ mei hoege te dwaan: “Krekt as wy ússels better kenne en folle mear nei ússels sjogge en dêr ek ús krêft út helje, dan tink ik dat wy in unike omjouwing skeppe kinne.” Har oantrunen is oprjocht útnoegjend, mar tagelyk is dy mentale weroriïntaasje yn tsjinspraak mei it ferbân dêr’t dy weroriïntaasje yn úttekene wurdt: in dwylsinnige stêdekompetysje en in fermerkingsproses dat de Fryske identiteit werombringt ta de essinsje fan symboalen en kearnwearden. Dat docht gjin rjocht oan it ferskaat oan al of net Fryske identiteiten fan de bewenners fan ús provinsje. Dichter en publisist Abe de Vries ferwurde it treffend: “Fryske identiteit bestiet net yn dy sin dat jo wat yn de hân hâlde kinne en dan sizze: dit is it. Do meist sels betinke hoe’t it ál bestiet.”

(14) Identiteit is by einsluten wat persoanliks dat him net yn merktermen uterje lit. Soe krekt dat net in wier boadskip oan de wrâld wêze? Om identiteit werom te heljen út de hannen fan fermerkers en wer persoanlik

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

en feroarlik te meitsjen? Kultuer en identiteit ommers, dat bin ik sels.

nei: Richard de Boer, de Moanne, nûmer 4, maaie 2012

noot 1 'Bidbook' is it boek dêr't de plannen foar KH2018 yn steane dat oanbean is by de sjuery om mei te dwaan oan de útferkiezing ta Kulturele Haadstêd fan Europa.
noot 2 Rem Koolhaas is in ferneamde Nederlânske arsjitekt dy't rûnom yn de wrâld moderne gebouwen ûntwurpen hat.

Tekst 2

De held moat weromkomme

(1) In Amerikaanske diplomaat ûntfange mei in kopke tee en in moalkoekje. Dat is in foarbyld fan de ferneamde soberheid fan Willem Drees, premier fan Nederlân yn it tiidrek 1948-1958. De diplomaat soe doe útroppen hawwe dat de Nederlanners allinne al fanwegen harren sunichheid yn 'e beneaming kamen foar de saneamde 'Marshallhelp'[1)]. No is dat letter optocht, mar dat makket neat út, want mei sokke ferhalen kin men neffens Drees-biograaf Hans Daalder wol in boek skriuwe.

(2) Sa achte Drees it oerdreaun om de Yndonezyske delegaasje dy't yn 1948 de ynhuldiging fan keninginne Juliana bywenne hie, in rystafel oan te bieden. Pas doe't dêr op oanstien waard, joech er ta. De skynbere ûngastfrijheid fan Drees hie neat te krijen mei de drege ferhâlding tusken Nederlân en syn doetiidske koloanje Yndonezië. Hy wie fan betinken dat elke gûne dy't de oerheid útjoech, earst as belesting ôfnommen wie fan de boarger. Soberheid wie in morele plicht.

(3) Wat in held, dy Drees. Kom no mar ris om sok ienfâldich bestjoersfatsoen yn tiden fan bonussen yn it bedriuwslibben en fan aloan heger wurdende topynkommens yn de semypublike sektor. Ferhalen as dy oer de rystafel fan Drees binne ideale yngrediïnten fan wat in moderne heldeskiednis wêze moat. In ferhaal oer in taastber persoan, it leafst smout ferteld, en it is net ferbean om der ek noch wat fan op te stekken. De held hoecht net sûnder lek of brek te wêzen. Drees hie ek syn tekoartkommingen, mar hy wie wol in foarbyld fan in sunige, ferstannige en realistyske steatsman.

(4) Goede foarbylden sjen litte wie fanâlds de funksje fan skiedskriuwing. Us faderlânske skiednis hat mear as genôch oanbod om dêr oan te foldwaan. Helden genôch, soe men tinke. Mar is dat echt sa? Wa't hjoed-de-dei de Nederlânske kranten lêst, krijt de yndruk dat de faderlânske skiednis net ûnderhâldend en likemin de muoite wurdich is. No ja, men sil der altyd wat fan opstekke, mar dan benammen fan watfoar in ferskriklik lân Nederlân is. Faaks waard eartiids it nasjonale ferline wat oerdreaun priizge, mar tsjintwurdich doocht der net in soad mear fan.

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

Nederlân siet om te begjinnen oan kop en earen ta yn de slavernij. Okkerlêsten waard in kaart fan Amsterdam presintearre dêr't op te sjen wie dat sels ûnderwizers en tsjinstfammen oandielen yn slaven hienen. Al dy slavernijferhalen hawwe in dúdlike ûndertoan fan kollaboraasje en skandaal.

(5) As men dêrfan bekommen is, dan sjocht men op de televyzje dat in advokaat gerjochtichheid easket foar neibesteanden fan Yndoneziërs dy't yn 1947 troch de koloniale oerhearsker fermoarde binne. En mei men it sjoernaal leauwe, dan holden Nederlânske prysters harren yn de jierren fyftich fan de foarige ieu mear dwaande mei saken dy't it deiljocht net ferneare koenen, as mei harren religieuze taken. Sa komt it byld fan de faderlânske skiednis hieltyd mear oerien mei it byld dat tekene wurdt yn de saneamde swarte kanon, dêr't de negative foarfallen út it ferline yn ferdúdlike wurde.

(6) In soartgelikense trend bestiet der al jierren yn de polityk. Dêr wolle se ek oanhâldend ôfrekkenje mei fouten út it ferline. Hieltyd mear wurdt der mei lilkens tebeksjoen op in foarfal út it ferline. De iene parlemintêre enkête jaget de oare en politisy moatte allegeduerigen mei klam ûnthjitte dat fan alles en noch wat noait mear barre mei. It ferline is dus in polityk risiko wurden. No sille de oanklagers fan histoaryske misstannen wier net bedoele dat wy ús skamje moatte foar Nederlân, mar it effekt fan it oanhâldend roppen om nij ûndersyk, om ekskuses en herstelbetellingen is der wol neffens.

(7) Jan Pieterszoon Coen, de grûnlizzer fan it Nederlânske koloniale ryk yn it lettere Nederlânsk-Yndië waard oant foar koart noch sjoen as in grut man en as in boechbyld fan de Vereenigde Oostindische Compagnie. Mar tsjintwurdich is de VOC-mentaliteit benammen eat dêr't lytsachtsjend oer dien wurde kin. Noch net sa lang lyn waard troch lokale aktivisten oproppen om it stânbyld fan Coen by it Westfries Museum wei te heljen fanwegen syn misdieden tsjin de minsklikheid. Dat rûn sa heech op, dat Coen op de site http://joop.nl in diktator neamd waard, wêrnei't it hûs fan de oanbelangjende aksjefierder mei hurdseane aaien bekûgele waard. Dêr binne dan wol gjin deaden by fallen, mar glêsskea wie der wol.

(8) Ik gun elkenien syn opsternatens, mar moatte we dochs net fêststelle dat Jan Pieterszoon Coen fjouwerhûndert jier ferlyn libbe? Wat hat in mienskip deroan wannear't, lykas Paul 't Hart yn syn boek *Verbroken verbindingen* skreau dat de organisearre stilte oer belêstige ferline tiden en de fabrikaazje fan nasjonale helden romte makke hawwe foar in kakofonysk koar fan revyzjonisten en beskuldigers?

(9) De eftergrûn kin men fan rieden wol hawwe: ôfkear fan nasjonalisme. Yn it rapport *Nationale identiteit en meervoudig verleden* ornearje de histoarisy Maria Grever en Kees Ribbens dat de nasjonale skiednis in konstruksje is. It idee dat der ien mienskiplik ferline is, mei in hurde kearn of in fûnemint, soe foaral bedoeld wêze om oare groepen, lês ymmigranten, út te sluten. Skerp en koart sein ornearje de beide histoarisy: skiednis is ek mar in miening.

(10) Likegoed kin men der net omhinne: naasjes besteane no ienris en dy hawwe in ferline. En om de histoaryske kearnfraach 'wa binne wy' te

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

ferfangen troch ‘wat bin ik’, sa’t yn it rapport suggerearre wurdt, is slimmer as fan ’e rein yn ’e drip komme.

(11) Alles wurdt dien om tefoaren te kommen dat der in ferhaal ferteld wurdt oer de dingen dy’t minsken ferbine, sa’t de histoarikus A.Th. van Deursen skiednis typearre hat. Sûnder ferbining bestiet der gjin mienskiplike takomst. Dat hoecht hielendal net te betsjutten dat men útsletten wurdt. As dyn âlden yn Marokko of Turkije berne binne, meist yn it stadion meisjonge as Piet Hein wer ris de ‘zil-ver-vlo-hoot’ wûn hat.

(12) Mar der is noch hope. Niisneamde Van Deursen hat yn syn fraai minyportret fan Michiel de Ruyter wiisd op de oanstriid om hieltyd wer op ’e nij ekskuses oan te bieden út namme fan de foarâlden foar de ferskriklike wandieden dy’t mei opsetsin en moedwillich begien binne. Soks bringt jin yn ’t sin dat skamte en grutskens byinoar hearre. Wa’t it iene belangryk fynt, sil nei alle gedachten ek om it oare jaan. Ekskuses meitsje we foar wurden en dieden dêr’t we, ta ús eigen argewaasje of fertriet, net grutsk op wêze kinne. Us ideaal is dat grutskens de regel en skamte de útsûndering is.

(13) Skamte as ferpakte grutskens, dat is in moai byld. Blykber lit de skiednis ek dyjingen dy’t lilk binne en noartsk sjogge, net kâld. Hoe sterk oft sokke emoasjes binne, docht wol bliken út wat der bard is by it stânbyld fan Coen yn Hoarn. Efter de teloarstelling oer de faderlânske skiednis sit blykber de gedachte ferburgen dat men mei it faderlânske ferline foar it ljocht komme kin.

(14) Sa komt Van Deursen by de seehelden Tromp, De Ruyter en Piet Hein, dy’t neffens him foarbylden binne fan moed en ûndernimmingslust. Dêr hat er gelyk oan. Hja wienen al yn de santjinde ieu helden. By de seeslaggen stienen tûzenen minsken op it strân te sjen en kommentaar te leverjen as wie it in fuotbalwedstriid. Ek al mei fjouwerhûndert jier letter de Nederlânske held yn ’e knipe sitte, hy libbet noch wol troch. Yn 2007 waard it fjirde ieufeest fan de berte fan De Ruyter fierd. De titel fan it programma fan dat jubeljier wie sljochtwei: ‘Held van Nederland’. Utsoarte binne der noch nasjonale helden. Foar wa’t goed sjocht: dy binne der by de rûs. “Welkom, helden!”, stie op in spandoek doe’t de olympyske medaljewinners yn 2012 weromkamen út Londen. Der is in sportblêd *Helden* en boekwinkel De Slegte advertearre in hoart lyn mei in boek oer helden yn de Nederlânske literatuer. Foar heal jild, dat dan wol wer.

(15) De ferbining mei it ferline komt ta stân troch in spannend ferhaal te hearren of te lêzen oer echte minsken, foarbylden oan wa’t men jin oplûke kin. Hoe’t dat krekt wurket, kin men alle dagen sjen op de televyzje of yn de kiosk. It is ien en al persoanlikheid wat de klok slacht. Op de omslaggen hite se tsjintwurdich *Linda*, *Johan* of *Maarten!* Justjes langer lyn hieten se fan Julius Civilis, Floris V of Willem van Oranje.

(16) Wy binne it dus rûchwei gewoan iens, ek al is it yn dizze tiid faaks gjin wizânsje om dat út te trompetsjen. It is de heechste tiid dat de âlderwetske histoaryske helden út harren skûlplak weikomme. Sy hearre by de faderlânske skiednis. Sterker noch: sy binne dêrfan it haadgerjocht.

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.

nei: Martin Sommer, de Volkskrant, 29 septimber 2012

noot 1 ‘Marshallhelp’ is de namme fan it helpferlieningsprogramma fan de Feriene Steaten fan Amearika oan de lannen fan Europa dy’t slim te lijen hân hienen fan de Twadde Wrâldoarloch.

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.
Het College voor Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.

Beschikbaar gesteld door Stichting Studiebegeleiding Leiden (SSL).
Voor alle eindexamens, zie www.alleexamens.nl. Voor de perfecte voorbereiding op je eindexamen, zie www.sslleiden.nl.